

# Humor en oerdriuwing as wapen

FD 9-3-'13

## Ferhalen

troch Jaap Krol

**A**ltyd moai: in proaza-debutant yn it Fryske skriuwersfermidden. Hoewol debutant Sipke de Schiffart ek wer net in folslein ûnbekinde is. Twa kear wûn er al in Rely Jorritsmapriis mei in ferhaal, foar *Toe Sippy ju!* en *Leafde nei de dea*. Dizze en acht oare ferhalen binne no samle yn de debútbonde *Wat it is om bang te wêzen*.

Wat is no in echt De Schiffart-ferhaal? De titel fan it boek seit genôch. De haadpersoanen binne ienlingen, manlju dy't allinnich yn de grutte wrâld stean en harren der eins mar krekt yn steande hâlde kinne. Seks, dea, geweld en religy binne de pylders fan harren faak troublearre geast.

Foaroer in lokkich en rimpel-leas libben fan de gemiddelde boargerman, ploeterje sy yn de marzje fan de mienskip. No kin dit ek útrinne op egosintryske navelstoarderij en einleas selsbeklach, mar gelokkich hat de skriuwer in pear izersterke wapens yn 'e pinne: humor en oerdriuwing.

### Ultime died

It titelferhaal giet oer Oepke, in skrutene jonge dy't op it houliksfeest fan syn suster troch de mannichte opjage wurdt om in speech te hâlden. Ferlegen as er is, draaft er nei it húske, dêr't er himsels opslút. Mar de mannichte wurdt hieltyd grutter en easket syn ôfgong. It folksgerjocht foar de húskedoar driuwt Oepke ta wanhope,

sadat er twongen wurdt de ultieme died te stellen.

Ien fan de bêste ferhalen is *Hawwe jo dat ek wolris?* Haadpersoan Dooitzen Bot sit lekker op in terraske, as in sekerre Jelke by him komt te sitten en him allegear morbide fantasijen foarleit. Bygelyks dat Dooitzen tafallich meimakket hoe't yn de loft twa fleantúngen botse, tegearre crashe '... en dat jo dêr dan tsjûge fan binne en dat jo dan jûns yn it sjoernaal fertelle meie hoe't it gongen is?' (side 169). It ferhaal balansearret perfekt tusken de walging en de foyeuristyske fassinaasjes fan de lêzer. Dit kin net! tinke jo dan, mar ûnderwilens lizze jo ûnder de tafel fan it laitsjen.

In prachtferhaal is *Longerje nei Lolkje*. Haadpersoan

en oankommend skriuwer Sibe Terpstra kuieret earne tusken Boalsert en Snits as er in frou tsjinkomt dy't oan de ferkearde kant fan de dyk rint. As se mei-inoar yn de kunde komme, liket frijfeint Sibe goud yn hannen te hawwen. As se lykwols by in kruising komme, is it ôfskie dêr. Lolkje heart noch wol de klap fan Sibe's oanriding, mar rint dêrnei yn shock fierder. Dy klap betsjut syn ûndergong: hy rekket swier ferwûne, herstellend wûnderbaarlik en wurdt in ferneamd skriuwer. Net-tsjinssteande alle prizen en bekoanings dy't er krijt, kin er de moaie Lolkje, waans libben fierder giet yn de noflike boargerlike anonimiteit, mar net ferjitte. In flechtige moeting mei grutte gefolgen dus. It ferhaal is fansels seldsum tragysk, mar is sokke tragyk ek net prachtich om te lêzen?

### Diskusjegroep

It gelyk fan rjochts is in ferhaal oer in diskusjegroep, wêryn't de twa antagonisten (de linkse Domela en de rjochtse Peter) harren hjitte diskusjes bûten de keamer trochsette troch wraak te nimmen op inoar. Alteast, dat Peter ferkâlden wurdt om't Domela syn drank besmet hat mei syn eigen firus is helder; mar is it slimme auto-ûngemak dat Do-

mela letter krijt ek de wraak fan Peter? In feardich skreaun ferhaal fol dialooch en mei in prima plot, mar de Schiffart slaat hjir wol in planke mis troch in einleaze en wol hiel winsklike diskusje te fieren tusken in humoristyske en skerpe debater fan rjochts en in drammerige, idealistyske profiteur fan links.

Dat patroan fan fergees te lang komt faker werom. De Schiffart rekt syn ferhalen soms tefolle (it titelferhaal bygelyks), wêrtroch de spanning of de eigenheid wolris ferlern gear. It is mar in opmerking yn de marzje, stel ik dêr foaroer. De tsien ferhalen wurde nammentlik ferteld yn soepele taal en stekke kompositoareysk orzjineel ynoar. Humor en oerdriuwing smite sa ûngemaklike sitewaasjes op, dy't de lêzer hoe dan ek in spiegel foarhâlde. Miskien sit him yn dat ûngemaklike wol de grutste mearwaarde fan dit debút. Wa't ommers útlizze kin wêrom er bang is, lit sjen dat er gjin begjinne-ling is.

**i** *Wat it is om bang te wêzen. Sipke de Schiffart. Fryske Pers Boekerij, 15 euro*



## Longerje nei Lolkje

'Sy lake, omdat se it leuk fûn dat se in skoftke mei him oprûn hie, mei dy aparte man, mar ek wol in bytsje omdat se feromme wie dat se no wer fan him ôf wie.

Doe gongen se elk in kant út. Sibe seach om, rôp har nei: 'Net ferjitte tenei oan de goede kant fan 'e dyk te rinnen, hin?' Wylst er op dat stuit sels op it midden fan de Remswerterleane

rûn. Lolkje seach ek om, sy joech him har moaiste en leafste laits. Hja wiuwend beide. Doe rûn sy wer fierder, no yndied oan 'e lofterkant fan 'e dyk, mei har hearlike billen, dêr't hy syn eagen net fan ôfhâlde koe, se wiene noch moaier en ferliedliker as yn it begjin.'

*Fragmint út it ferhaal Longerje nei Lolkje, side 95*